# NIEUWSBRIEF



Editie nr 17 dec 2020

*Een somber jaar vraagt om kleurrijke versiering. De versieringen in de straten zijn er meer en uitbundiger dan in eerdere jaren. Lichtpuntjes in een donkere tijd.*

2020 is bijna voorbij, een jaar om niet snel te vergeten. Door de uitbraak van het Corona-virus zijn we nogal beperkt geweest in ons doen en laten. Dit afgezien van het persoonlijke leed dat bij sommigen onder ons heeft plaatsgevonden. Wij hebben afscheid moeten nemen van verscheidende van onze inwoners En als afsluiting van het jaar nog een lockdown, en dat in de tijd dat we meestal onze naasten opzoeken en plezier hebben met elkaar. Gelukkig kan dit wel in kleinere kring gebeuren. Het is even een zware tijd maar als we ons aan de voorschriften houden, hoop ik dat volgend jaar er weer zonniger uit zal zien. Geniet van elkaar en tot slot wensen we iedereen een voorspoedig en gezond 2021.

Namens de voorzitter, Rene Jelsma



Heeft U de nieuwe kerstbomen al gezien die Plaatselijk Belang onlangs heeft aangeschaft samen met HNI? Deze komen vanaf nu jaarlijks in Jubbega Schurega en Hoornsterzwaag te staan.

Langs deze weg willen wij alle vrijwilligers van onze dorpen hartelijk bedanken! Wij waarderen het zeer wat jullie vrijwillig overhebben voor jullie medemens, de straat, het dorp, de natuur of onze dieren. BEDANKT!







Voor meer info of om lid te worden kijkt U op www.jubbega-hoornsterzwaag.nl of mailt U naar secretariaat@jubbega-hoornsterzwaag.frl

Deze nieuwsbrief wordt vrijwillig samengesteld door brendahoornveldfotografie

Wij hopen dat U ondanks de maatregelen toch een mooie en gezellige kerst hebt gehad. Door omstandigheden is de nieuwsbrief een weekje later. wij wilden U het kerstverhaal van Jappie niet onthouden en dus bij deze wordt hij nog geplaatst.

It rint wer tsjin de kryst, en dan geane myn tinzen wer werom nei eartiids, toen ik noch in bern wie.It wie toen in restiche tiid, gjin gejaach en gejakker, gjin stress.
Yn december kamen earst Sinterklaas en swarte Piet mei kadootsjes, en dan duore it noch in pear dagen en dan wie it kryst.
Wy as bern seinde, hienen dêr net earder weet fan, dan dat ús heit mei in krystbeam thús kaam, dêr in krús ûnder spikere en yn'e hûs sette.
D'r wie toen gjin SKy radio wa fjouwerentweintich oeren deis krystmusyk draaide, gjin Coca-Cola trucks fol mei ljochtjes, en ek leinen de winkels fanôf augustus net fol mei krystspullen
Kryst waard jo toen net troch de strôte treaun om it sa mar te sizzen.
Sa ik sei, de beam kaam yn'e hûs en dan mochten wy die, tegeare mei ús mem fersiere, en dan súver spul mei myn suske om wa it fûgeltsje yn'e beam hingjen mocht.
No wie yn die tiid de kryst hast spannender as âld en nei.
Sjoch mei âld en nei wie d'r wol wat sjitterij, mar dat gie net sa mâl. Wy hienen wol wat plofferkes en de echte rare mannen in carbidbusse mar de hûn waard d'r amper wekker fan.
Hjoed de dei hawwe se guod wêrbei de atoombom op Hiroshima fergeleken peanuts wie.
Sa ik sei, de kryst wie spannender, want d'r kamen echte kearskes yn'e beam, lampjes wienen d'r toen noch net.
De kearskes kamen yn in soart kandelaarke mei in knyperke oan in takje fêst.
En dan nei it iten, dat sille fêst stoofparkes, bakte jierpeltsjes en rollade west ha, waarden de kearskes oanstutsen, en sieten wy mei syn allen mei it swit yn'e hânnen om'e beam om te sjen as de gerdinen, as de beam net yn'e brân fleachen.
Hiel stiekum hope ik dan fan wol, want sa ik sizze woe, jo belibben eartiids net safolle.
Ach it libben wie simpel, gourmette en soks soarte dingen wie d'r toen noch net, mar yn die tiid kaam it fonduen d'r wat yn, jo stutsen dan in stikje fleis oan in prikker en die dienen jo dan yn in pantsje mei gleone oalje wat op in brânerke, op de tafel stie.No wienen ús heit en mem wol minsken die mei de tiid meigienen, dat wy soenen mei de kryst fondue'e.
Ús heit hie sa'n steltsje mei de ferlotting op it fuotbalfjild wûn, en jûns kaam dat ding op'e tafel.
Spiritus yn,"t brânerke, lusifer derbei en woesh,
zo'n grote vuurbal jonge, de hiele tafel yn'e fik.Wie it brânerke sa lek as in seef. Sjoch dat wienen nochris tiiden. No is it alwer hast kryst, en no mei die corona ellende wit ik net hoe it komt, ik tink dat we mar wer gewoan stoofparkes ite, en dan nei it iten mei Sky radio oan bei ús plestieken beam fol mei AC tion lampkes sitten gean.
Leafe minsken, by dzze winskje ik jim hiel noflikke krystdagen,
en folle lok en seine foar 2021 ta.

Jappie de Vries

